



## SneonS

SneonS is de talkshow fan Omrop Fryslân, dy't alle wiken út kafee Wouters yn Ljouwert weikomt. Publyk is wolkom by de opnamen. Miranda Werkman en somtiden Dieuwke Kroese prate mei gasten yn Kafee Wouters. It giet dan om opiny en debat oer aktuele tema's yn Fryslân. Boppedat prate se alle wiken mei in gast út it nijs.

### Sneon 23 maaie om 18:20

[« foarige](#)

De wurkleazens yn Fryslân groeit noch hurder as eardere foarsizzings. Yn Sneons binne Jouke van Dijk (regionaal ekonoom) en Marco Florijn (wethâlder Ljouwert) te gast oer dit ûnderwerp.

#### **SNEONS OER WURKLEAZENS:**

De wurkleazens yn Fryslân nimt noch flugger ta as earder ferwachte wie troch ekonomen. Yn ús provinsje binne no 20 tûzen minsken op syk nei in baan. De kans op wurk wurdt hieltyd lytser want de ekonomy krimpt ek al wêr mear as earder tocht. En it slimste moat noch komme want de grutste klap wurdt oan de ein fan dit jier en takom' jier ferwachte. Bedriuwen en oerheden sette alles op alles om te rêden wat der te rêden falt.